



WE KOMME DER OAN!

(We zijn er bijna...)

Blijspul in twa bedriuwen

fan

NIELS ROBBENS

Fryske oersetting

Gurbe Dijkstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **WE ZIJN ER BIJNA... – WE KOMME DER OAN!** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **NIELS ROBBENS** en vertaler: **GURBE DIJKSTRA** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

© 2024 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **9** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,

E-mail: rechten@toneelfonds.be. Telefoon (03)3.66.44.00,

Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

PERSONAAZJES:

Auto 1, sille nei de dochter en har freon

MAGDA - praatsiik, betinkt eigen praatsjes, ferstoppet sa har swakte

MARK - man fan Magda, liket ien fan net folle wurden, wurdt finaal ûndersnijd troch Magda, mar eins is hy har grutte stipe

Auto 2, sille nei Spanje

PAUL - heit, prinsipieel, mei der graach oer dat alles fan tefoaren regele is

SASKIA - mem

THOMAS - soan, 12 jier, duveltsje

EVA - dochter, 18 jier, sit noch yn de puberteit

Auto 3, sille nei in fuotbalwedstriid

JOAST (Jos) - supporter fan It Hearrenfean, op it fandalistyske om't ôf

KENNY - supporter fan It Hearrenfean, echte fandaal

GERT - freon fan Joast, wit neat fan fuotbal, is mei om it ris mei te meitsjen

DEKOR:

Earste bedriuw: trije auto's neist elkoar. De sittingen wurde foarsteld troch kubussen dêr't de akteurs op sitte. De kubussen achter binne heger om it sicht op de akteurs te ferbetterjen. By alle auto's binne attributen, stjoer, rût, autoradio ensafuorthinne.

Twadde bedriuw: in fangrail oer de breedte fan it poadium. Dit bedriuw spilet 'm ôf yn de berm fan de sneldyk. Achter de fangrail soene de auto's noch sichtber wêze kinne.

U dient bij uw zaaleigenaar te informeren of de muziekrechten in een totaalcontract worden voldaan. Is dit niet het geval dan dient U contact op te nemen met: BUMA/STEMRA

EARSTE BEDRIUW

(der soe earst in filmke fertoand wurde kinne oer hoe't de trije auto's fan hûs fuortride)

1) FAN HÛS

1. Kenny giet fuort mei auto 3
2. Paul en Saskia mei auto 2, koffers deryn en hup fuort.
3. Kenny komt oan by it hûs fan Joast, dy stapt yn.
4. Magda en Mark stappe yn auto 1 en ride fuort
5. Joast komt oan by Gert, dy stapt yn.

2) AUTO 1 DE FOARDOAR

MAGDA: Do hast de foardoar wol goed ticht dien, no?

MARK: Jaja.

MAGDA: Hast de kaai twa kear omdraaid?

MARK: *(wifeljend)* Ja.

MAGDA: En hast de stok ûnder de kruk fan de skodoarren set? Want dy ha ik juster noch iepen hân om it terras oan te feien.

MARK: Ik tink it wol.

MAGDA: Do tinkst fan wol. Bist der dus net wis fan?

MARK: *(tinkt even)* Nee, mar ik leau al dat ik dat dien ha.

MAGDA: Bist der wis fan?

MARK: Ik tink it.

MAGDA: Ik bin sa benijd. Soe dy Carlos wat itensiede kinne? Jawol net? Oars soe er ús net te iten frege ha. Of soe ús Anke him opstokele ha? Soe bêst kinne, net? Sadat er daliks in goede yndruk op ús meitsje kin. Wat tinksto? *(Mark gebeart dat er it net wit)* Nee? Ja, dat soe wol es kinne, dat er dêr sels op kommen is. Mar ja, úteinlik docht dat der ek net ta. As se it mar roaie kinne tegearre. *(pakt útnûging en besjocht dy)* 't Is wol ien dy't wit hoe't it heart. *(lêst lûdop)* 'Aan Magda en Mark'. In persoanlike útnûging, dat sjochst hjoed-de-dei net folle mear. Mei al dy e-mails en appkes, dan is it doch moai dat hy de muoite nimt om

de útnûging op papier te setten. (*Mark knikt*) Of soe er net mei de kompjûter oerwei kinne? Mar ja, dan soe ús Anke dat noch wol dien ha. Ik fyn it doch spannend. Do net?

MARK: Jaja.

3) AUTO 2 HOE LANG NOCH?

THOMAS: Mem, hoe lang is it eins riden nei Spanje?

PAUL: Hiel lang.

THOMAS: Ja, mar **hoe** lang?

PAUL: No, dat sis ik doch, **hiel** lang.

SASKIA: Toe no skat. (*draait har om*) Moarntemiddei komme we oan en as we gelok ha, lizze jim dan al gau al yn it swimbad.

PAUL: (*tsjin Saskia*) We moatte earst noch wol de koffers útpakke tink.

SASKIA: Sa lang sil dat doch net duorje?

PAUL: (*laitsjend*) By my net, nee... Gelokkich dat der gjin kontrôle mear is by de grins. As se dy koffers fan ús seagen tochten se grif dat we minske-hannelers binne... Wy ha wol foar tsien minsken bagaazje mei.

SASKIA: (*laket it fuort*) Wat fine jim, sille we in spultsje dwaan?

EVA: Mem, wy binne gjin tsien mear, hear.

THOMAS: Wat spultsje bedoelt mem?

SASKIA: Ik wit noch in leuk spultsje fan froeger, mei de kentekens fan de auto's. We begjinne by de A, en sa it alfabet by del. Dus ast in A sjochst, dan seist dat. (*Thomas siket al*) Dy't de measte letters hat wint.

THOMAS: Ja. Ik sjoch de A al.

SASKIA: De B. Dy reade auto.

EVA: (*net sa entûsjast*) C.

4) AUTO 3 DE WEDSTRIID FAN 'T JIER

KENNY: En Joast? Bist der klear foar?

JOAST: (*net ynteressearre, sjocht op telefoan*) Jaja.

KENNY: Jaja? Dit is wol de belangrykste wedstriid fan it jier hear. As we jûn net winne, dan kinne we 't ferjitte.

JOAST: Ik wit it, Kenny, mar it sil doch net maklik wurde.

KENNY: Hee, in echte supporter seit soks net. Je moatte der yn leauwe. Sûnder ús binne se neat. De tolfde man. En Cambuur, dat moat te dwaan wêze.

JOAST: Ik hoopje net dat se in soad kaarten pakke. 't Sil der wol wer omwei gear.

KENNY: Ja, dat kin samar. Mar kom op, we jouwe se jûn in pear tikken.

JOAST: In pear tikken? *(telefoan oan kant)* Dat past wol by dy, ja. Hâldst dy in bytsje yn jûn? 't Soe moai wêze as we nei de wedstriid daliks nei hûs kinne.

KENNY: Sis, wêr sit Jochem eins?

JOAST: Wit ik net. Hy hat my belle, sei dat er jûn net koe.

KENNY: Jochem net nei de wedstriid fan 't jier? Kom op sis, wat kin der belangriker wêze as dizze wedstriid?

JOAST: Ik wit net. Ik ha 't frege, mear as ien kear sels, mar dat woe er net sizze. Dy fraach ûntwykt er hieltyd. Dit is Gert trouwens, dy giet yn syn plak mei. 't Soe sonde wêze fan de kaart net?

KENNY: *(sjocht mar heal ynteressearre yn de spegel nei Gert)* Ik sil Jochem doch noch es belje. Dit is net normaal.

5) AUTO 1 LAITSJE

MAGDA: ... en op it stuit dat se dat seit komt Katryn werom fan it húske. Haha, dy koe der net om laitsje.

MARK: *(lette reaksje)* Ah ja?

MAGDA: Fynst dat net grappich?

MARK: Jaja.

MAGDA: Wêrom lakest dan net? It is altyd itselde mei dy. As ik es wat grappichs fertel hoechsto noait te laitsjen. Do fynst my gewoan net grappich.

MARK: Mar jawis wol.

MAGDA: No, wêrom lakest dan net? De slûchste slûgert soe noch earder laitsje as do.

MARK: (*laket drûch*) Hihhi.

MAGDA: Moatst dêr no om laitsje? Dat wie net iens grappich. Do hin, do lakest allinne mar út fatsoen. Omdatst tinkst datst laitsje moatst fan my. Doe soest es wat assertiver wêze moatte. As it grappich fynst moatst laitsje en ast net grappich fynst, dan hoechst der om my net om te laitsjen. Hast my ferstien?

MARK: Ja.

MAGDA: Sjoch, dat bedoel ik no. Do moatst my net altyd gelyk jaan. Do hast gjin eigen miening, al hast de leeftiid der wol foar. Tink dêr mar es oer nei.

MARK: Ja.

MAGDA: Tinkst derom datst aansjen normaal dochst. Wat moat dy jonge oars wol net fan dy tinke. Ik soe net graach wolle dat ús Anke har earste relaasje al op 'e non rint troch har freon foar te stellen oan syn skoanheit.

MARK: (*fersjit*) Skoanheit?

MAGDA: Ja Mark, soks giet hurder as datst tinkst.

MARK: Se kenne mekoar amper in moanne.

MAGDA: Tinkst dat? Neffens my is 't al folle langer. Hoe wiene we sels froeger? Wy hiene ek al in jier ferkearing foardat we it sein ha.

MARK: Ja, omdatsto it net tsjin jim mem doardest te sizzen.

MAGDA: Do wiest wol tolve jier âlder as ik.

MARK: Noch altyd, of net?

MAGDA: Do witst sels bêst genôch hoe't ús mem wie. Sels nei dat jier wachtsjen wie se der net wiis mei. 'In fint dy't tolve jier âlder is, dat kin net serieus wêze. Dat moat wol mislearje'. En sjoch ús hjir no sitten. Underweis nei de leafde fan ús eigen dochter. (*Mark knikt laitsjend. Magda betinkt ynienen*) Soe ús Anke my ek sa stûf fine lykas ús mem wie? (*Mark sjocht net ûntkennend*) Soe se dêrom sa lang wachte ha mei it tsjin ús te sizzen? Wa wit wenje se al in jier by elkoar. En woe se it eins hielendal net sizze. Ik ha 't altyd raar fûn, dat ús Anke noait ferkearing hie. Mark, we meie dy jonge jûn net ôfstjitte. We moatte 'm nimme sa't er is.

MARK: Eh ja.

MAGDA: Ja, mar serieu. Want aansen wol ús Anke neat mear sizze.

6) AUTO 2 REISBONDEL

SASKIA: Sis Paul, dochsto net mei?

THOMAS: De I dêr achter ús.

PAUL: Ik moat ride skat.

SASKIA: No, dan moatst doch om de oare auto's tinke, kinst likegoed meidwaan.

PAUL: *(al laitsjend)* Dêr de Z foar ús. Is 't spultsje no út?

THOMAS: We wiene noch mar by de I.

PAUL: *(spile ferheard)* O ja? Ik miende dat we al by de Z wiene.
(knypeaget nei Saskia. Eva is oan 't appen)

THOMAS: Ah sjoch, dêr de J

SASKIA: Wêr?

THOMAS: *(pleaget)* Dêr, op de telefoan fan Eva.

PAUL: *(merkt dat Eva sit te appen)* Sis, do bist doch net fan doel om de hiele reis op dy telefoan te sitten wol? Dêrfoar betelje wy dyn reis net. Trouwens, yn it bûtenlân is soks fierste djoer.

EVA: Heit, dat sit by it abonnemint yn. *(Thomas genietet fan de rûzje tusken heit en Eva)*

PAUL: Jaja, der by yn. Fleurige gesichten, dy binne ynbegrepen, dus dat lange gesicht litst mar thús.

EVA: Ik hie ek leaver thús bleaun.

PAUL: Dy diskusje ha we hân. Do moatst net tinke datst samar alles meist omdatst achttjin bist. Salang ast thús wennest, hast dy nei ús te skikken. Ast mei ús fuort bist kinst teminsten noch wat kultuer opsnuve. De iennige kultuer dy'tsto opsnúfst, binne fan dy festivals mei fan dy tingel-tangel-muzyk. De kultuer dy'tsto yn Spanje opsnuve kinst, sjochst net op dat... Hoe neamst dat ek alwer? Pûkelpop.

EVA: Pukkelpop.

PAUL: Nim in foarbyld oan dyn broer. Dy is teminsten bliid dat er mei kin.

EVA: Gjinien fan myn freondinnen giet noch mei heit en mem op fakânsje.

PAUL: Omdat net elk it gelok hat dat er mei syn heit en mem op fakânsje **kin**. En dan ek noch **fergees**.

EVA: Heit, se **wolle** net mei.

PAUL: Ha. Ja, dat sille se dy oan de noas hingje. *(sjocht yn spegel nei Eva)* En lis dy telefoan oan kant. Genietsje fan it útsicht.

SASKIA: Skat, we binne noch mar krekt ûnderweis en we ride op de autosneldyk, sa folle falt der net te sjen.

PAUL: Tut-tut, it prinsipe, dat telt. As je op reis binne dan genietsje je fan it útsicht.

EVA: En fan it gûnzjen fan de bannen op it asfalt, wauw.

THOMAS: Ik wit miskien wol wêrom't Eva de telefoan ynterressanter fynt.

EVA: *(koart en lil)* **Sssttt!**

PAUL: Ah, en wêrom dan wol? *(Eva gebeart nei Thomas dat er neat sizze mei of se 'fermoardet' him. Der ûntstiet in macht-spultsje tusken Eva en Thomas. Op it momint dat Thomas it sizze sil, jout Eva him in stevige dúst)*

THOMAS: Aaahhh. *(jout ien werom, se fjochtsje)*

SASKIA: Hee, sa kin 't wol ta net. Net de hiele reis rûzje meitsje graach. Kom, we dogge in oar spultsje. We swaaie nei oare minsken en as se dan werom swaaie krijst in punt. *(Eva suchtet)*

7) AUTO 3 TROMMELER

(Joast is mei in grutte laits op de mûle dwaande mei de telefoan. It antwurdapparaat fan Jochem is te hearren: Joo, Jochem hjir, ik kin no net antwurdzje, sprek wat yn nei de toan. Tút)

KENNY: *(tsjin de carkit)* Sis Jochem, wat is dat mei dy? Joast seit krekt datst jûn net meigiest. Wat is der dan belangriker as dizze wedstriid? Dat meist my wol es útlizze. Bellest even? Joo. *(hinget op. Tsjin Joast)* Bin benijd. *(tsjin Gert, sjocht yn de spegel)* En Gert, sjochst it wat sitten?

GERT: Jaja.

KENNY: Do witst doch wol wat fuotbaljen is?

JOAST: *(besiket him wat te timperjen)* Kenny.

GERT: Jaja.

KENNY: Ja Jos. Do witst dat ik dêr net oer kin. Oer minsken dy't neist dy stean en neat dogge. Of je komme foar de wedstriid en litte je hearre, of je bliuwe lekker thús.

JOAST: Meitsje dy gjin soargen, Gert is in kenner, Gert? *(knypeaget nei Gert)*

GERT: *(ûngemaklik)* Jaja.

JOAST: Hast dyn fuotbalshirt wol by dy no? Want we sitte tusken de pompeblêden.

GERT: *(grutsk)* Jaja.

KENNY: Tink der om, we binne net samar pompeblêden. We binne de oanfierders. Joast trommelt en ik ha de megafoan.

JOAST: *(ropt troch de megafoan)* Sûnder ús is der gjin sfear.

KENNY: Net allinne dat. Mei de megafoan yn de hân fiel ik my de dirigint fan in orkest. Sûnder ús gjin ritme, gjin sjongen, gjin motivaasje, en úteinlik gjin winst. It soe echt nergens op slaan as elkenien syn eigen ferskes mar wat stie te sjongen. Dy megafoan, dy wakkert de hiele massa oan. Sûnder ús gjin fuotbal.

JOAST: *(bytsje sarkastysk)* Ja Kenny, do bist echt ûnmisber.

KENNY: *(nayf)* Ja seker. Bliid datst it seist. Dat is sûnder mis wier.

KENNY: Gert, Kenny is de grutste supporter fan It Hearrenfean dy't der bestiet! Do silst it sjen, elkenien yn it stadion ken 'm. Foaral de suppoasten.

KENNY: Ja Joast jonge, laitsje do mar. Dat kin in kear gebeure, dat ik út myn dak gean. Dat heart der by. Allinne begripe dy suppoasten en de plysjes dat net. As ik út de gek ien op 'e bek slach, en dy slacht werom. Wat is dan it probleem? As wy it sa iens wurde, wêrom moat de plysje der dan tusken komme? Lit ús lekker slaan.

JOAST: Ja, ik wit datst dyn frustraasjes kwyd moatst, mar as se der net tusken komme, dan giet it meastal ferkeard. Dan mei ik dy letter oppikke by de earste help.

KENNY: Mar dat is ek in foarm fan sport. Dat is in soarte fan ferlinging fan de wedstriid. De wedstriid is yn it stadion, en wy sette bûten it stadion noch even troch. En by elke sport ha je winners en ferliezers. En ja, de ferliezers bedarje meastal op de earste help.

JOAST: Ah ja, en de winners yn de bak, seker? Harkje, it kin my neat skele hoefolle asto noch 'sporte' wolst nei de wedstriid, mar wit wol datst nei de tiid noch ride moatst. Oars draai ik dêr wer foar op.

KENNY: Neenee, dat kin net. Dit is ús heit syn auto, en dy fermoardet my as ik der in oaren yn ride lit.

JOAST: Dat leau ik grif.

KENNY: Wat?

JOAST: Dat er dy fermoardet.

8) AUTO 1 PATAT

MAGDA: Sis Mark, do bist der wol wis fan dat we dêr aansen wat te iten krije, no? Ik ha sûnt fanmiddei al neat mear hân.

MARK: Nee, ik ek net. Stie dat der net by?

MAGDA: (*siket brief*) Ah ja, 't komt goed. Hjir stiet it. It is te hoopjen dat it wat smakket. Mar dat sil doch wol? Je skoanâlden foar it earst sjen, dat oerkomt je net alle dagen. (*telefoan giet, sjocht*) Ah sjoch, dêr bellet se al. (*sukkelt mei it opnimmen (swipe)*) Dy ferdomde dingen. (*it slagget*) Ha Anke... Jaja, we binne ûnderweis. We binne wol wat letter. Want ja, jim heit moast noch nei 't húske doe't we klear stiene om fuort. En do witst hoelang't soks duorje kin. Mar we komme deroan... (*wat minder entûsjast*) Wat seist? ... Net folle tiid hân? ... Ah, do hast net nei de winkel west? O, mar dêr moatst net oer yn sitte. Ik sei noch tsjin heit, ik hoopje dat se der net te folle wurk fan makket. It is net Willem Alexander dy't op besite komt. Haha. (*laket forsearre*) Mar ja fansels, in lyts hapke is mear as genôch. We komme yn 't foarste plak foar dyn freon. ... Ah, Carlos komt letter? ... Ah ja, mar as dy langer wurkje moat, dan is 't net oars. ... Ja, goed. We sjogge dy aansen. Ja... Doeck. O Anke wachtsje, sis wy ha neat by ús as kadootsje. Ja, ik wist net goed wat ik meinimme soe. Want ja, wy kenne Carlos noch net no. Ik ha noch even oan in flesse wyn tocht, mar doe tocht ik: stel je foar dat er gjin wyn mei, dan hat er

der ek neat oan. En dan moatsto soks allegear wer opdrinke, wylst it net foar dy bedoeld wie, mar foar him. ... Ah ja, okee. Mar ik fûn it sa raar om mei lege hannen oan te kommen. ... Net slim? Ah, okee... Aha ja, doch mar, doe. Jaaa... Doe!!! Jaaa. (*harket noch even*) Bist der noch? (*harket noch, leit dan del. Tsjin Mark*) Se hat ophongen.

MARK: (*foarsichtich*) Dus eh... gjin iten aanst?

MAGDA: (*fljocht op*) Ja sis Mark. Seur dêr no aansjen net oer hin. Us Anke hat it al sa dreech. Se stiet stiif fan de stress en hat it wit ik net hoe drok. En it iennige dêr'tsto oan tinkst is de mage.

MARK: No ja, oars moatte we ergens ûnderweis mar even in snackbar sjen te finen.

MAGDA: En dan in healoare te let komme seker?

MARK: Mar Carlos komt doch ek letter?

MAGDA: En dan moatte wy ek mar te let komme? Nee Mark, ôfspraak is ôfspraak. En sit 'm aanst asjebleaft net te fergjen. It binne jonge minsken en se ha 't smoardrok. It is net mear sa as doe by ús. Om fjouwer oere de fuotten ûnder de tafel en it frouke makket wol iten. Hjoed-de-dei wurkje se beide. En de man, dy moat ek itensiede.

MARK: As er net letter komt.

MAGDA: (*giet gewoan troch*) En do, dy't al pensjoen hat, tiid oer en tefolle, soe dan gewoan te let komme wolle. Do moatst dy skamje. En dêr komt noch by dat ik Anke miskien noch wat helpe kin mei de hapkes. Dat sil se grif leuk fine.

MARK: (*mompelet*) Of miskien krekt net.

MAGDA: Wat?

MARK: Neat, neat. Mar sis, we kinne ek wat meinimme fan de snackbar.

MAGDA: Mar Mark, dat mienst doch net? We kinne dêr doch net oankomme mei foar elk in pûde patat? Moaie yndruk jout soks.

MARK: Ik miende dat hy yndruk op ús meitsje moast. Wa wit moatte sy ek noch ite. Dan kinne we doch ek foar harren meinimme?

MAGDA: Mark, lit mar. Gjinnich patat jûn. Do silst net deagean fan ien kear foarby fan iten.

MARK: Mar do seidest doch datst sin oan wat hiest.

MAGDA: Nee, ik sei dat ik sûnt fanmiddei neat mear hân hie. Mar om no te sizzen dat ik honger ha. 't Is hast sân oere, set de radio es oan. It nijs sil der wol op wêze. (*Mark set radio oan. It ein fan in ferske*) Is dat radio 2?

MAGDA: Nee, radio 1.

MAGDA: Set 'm es op radio 2.

MARK: Is dat net itselde nijs?

MAGDA: Mark, net tsjinakselje. We ha altyd radio 2 derfoar. (*Mark set radio op 2. ('Wonderful tonight' fan Eric Clapton)* Oh, sjoch. Us ferske fan froeger. Set es wat lûder. Dat draaie se net op radio 1. Goh, sis, dat soks al twa en tritich jier lyn is, dat is doch net te leauwen. (*sjocht nei it grize hier fan Mark*) Alhoewol.

MARK: Sis, mar dat wie doch ús ferske net? Dat wie doch: 'When a man loves a woman'? Dit fûnen we ek leuk. Hjir ha ik noch mei jim mem op dûnsje moatten.

MAGDA: Wat docht dat der no ta? Ferpest it mar wer. Ik besykje de romantyk fan tritich jier lyn op te roppen en menear seaget oer de details.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto